

Liturgjy

Fotum

Groetnis

Sjongsje: Psalm 100

Gebed

Skriftlêzing: Lukas 19:1-10

Psalm 84: 1,2 en 3

Tekst Lukas 19: 10

Preek: Sachéus' Rêding....

- It ferlangen...
- It oanbod....
- It gefolch....

Gesang 154 (GTB)

Gebed

Belidenis fan it leauwen

Ynsamling fan de jeften

Liet 456 (LB)

Segen

Lukas 19:1-10 Jezus en Sachéus

1 Hy kaam te Jericho en rûn de stêd troch. 2 No wie dêr in tige rike tolgarder, in hegenien, Sachéus hiet er. 3 Dy die alle war om te sjen, watfoar persoan dy Jezus wie. Mar hy wie lyts fan postuer, dat it woe him fanwegen de kloft minsken net slagje. 4 Doe rûn er in ein foarút en klom yn in wylde figebeam om Him te sjen, want dêr soed Er lâns komme.

5 Doe't Jezus op dat plak kaam, seach Er omheech en sei tsjin him: Sachéus, kom gau nei ûnderen, want Ik moat hjoed by jo te gast wêze. 6 Doe makke er dat er ûnder kaam en helle Him mei blydskip yn. 7 Elkenien dy't dat seach, grommele en sei: Hy is by in sûnder yn 'e hûs gien en dêr hâldt Er no ta. 8 Mar Sachéus gong oerein en sei tsjin de Hear: Sjoch, de helte fan myn besit, Hear, jou ik de earmen en as ik ien ôfset haw, jou ik it him fjouwerdûbeld werom.

9 Doe sei Jezus tsjin him: Hjoed is oer dit hûs it heil kommen, want dizze man is ek in soan fan Abraham. 10 De Minskesoan is ommers kommen om te sykjen en te behâlden wat ferlern wie.

Tekst Lukas 19: 10

De Minskesoan is ommers kommen om te sykjen en te behâlden wat ferlern wie.

PREEK

Wat kinne wy no fan dit hiel bekende ferhaal fan Sachéus leare?

It earste dat my opfoel wie dat er stiet: Jezus kaam Jericho yn en rûn der troch. Hy rûn der trochhinne, stiet der yn de âlde fertaling.

Dat is wol wat frjemd...

Der yn en der út...

Net, Hy kaam Jericho yn en doe barde der dit of dat.

Nee, earst rûn Er der trochhinne en dan pas lêze we wat der barde..

Werom soe dat no wêze?

No, ik tink dat dat is om ús twa dingen sjen te litten dy 't wichtich binne foar de minsken dy't dit lêze. Dus ek foar ús fan 'e middei.

En dat is: Jezus moat hjoed hjir bliuwe, Hy moat hjir perfoarst wêze...

Want Hy hat hjir wat te sykjen, hjir is wat te finen.

Hy moat hjir wêze omdat hjir wat te finen is....

Wêrom is dat no foar ús fan belang?

Dat wol ik hjoed yn dizze preek graach besykje sjen te litten.

Boppe de preek stiet: Sachéus' Rêding

Preek: Sachéus' Rêding....

- It ferlangen
- It oanbod....
- It gefolch....

1. It ferlangen...

Minsken, oft se no kristen binne of net, oft se leauwe of net, minsken binne altyd op siik nei in sinfol bestean. It libben moat ynhâld hawwe.

Minsken binne hiel benaud dat har libben yn sinleazens ferfalle sil en dêrom is de sucht nei sinjouwing tink ien fan de meast belangrike driuwfearen yn in minskelibben.

In hiel soad minsken yn Nederlân binne ek op syk nei ferdjipping.

Ferdjipping jaan oan har libben...

En ferdjipping kinne jo op in hiele protte plakken sykje.

Spiritualiteit bygelyks is hiel bot yn hjoed-de-dei...

Jo hoege de rakken mei tydskriften yn 'e supermerken mar by del te sjen of it falt al op hoefolle blêden as der binne allinne op it mêd fan spiritualiteit. It súkses fan in blêd as Happezz lit sjen dat de minsken slij binne nei lektuer oer sinjouwing en ferdjipping. Minsken sykje nei wurden en bylden dy't de wei oanjaan sille nei de djippe ynderlike frede....

In soad minsken besykje ek == fia coaching, trainingen, kursussen en terapyen, om it selsbyld te ferbetterjen en de eigen prestaasjes te ferheegjen...Allegearre moat it bydrage oan it ynderlike gelok en de djippe selsbefrediging.

Wêrom dogge minsken dat?

Dat dogge minsken neffens my sadra 't se yn 'e gaten krije dat de dingen dêr't se harren betrouwen op steld hawwe net dy sin oan it libben blike te jaan as dat men der fan ferwachte hie....

Twa foarbylden...

- As jo altiten tocht hawwe dat jo relaasje jo libbensferfoling wêze soe en je sjogge oeral om jo hinne relaasjes stikken gean, of jo binne sels skieden...dan is dat heftich... Sa binne der al in hiele protte minsken op 'e doele rekke doe't bliken die dat harren relaasje as sinjouwer fan it libben tekoart sketten is...

- In berch minsken hawwe meidien oan de trend om jo wurk, de karriêre, jildfertsjinjen as sinjouwer fan it libben te besjen. Mear likefolle binne der ûnderút gien omdat hja oerspand waarden of in burnout krigen.
Oaren binne kapot gien om't de macht fan de jildduvel harren finaal yn 'e besnijing krige yn in graaikultuer. Jild en macht, it binne gjin betroubere sinjouwers yn it libben....

Op 'e siik nei de sin fan it libben.
Op jacht nei ferdjipping....

It hat der wol wat fan dat Sachéus dat ek is.
Miskien hat er leard dat dat syn karriêre as haadynspekteur by de Romeinske belestingsjinst ôfdieling Jericho net datselde brocht hat wat er der fan ferwachte hie...

Dat siet him net fêst op de fertsjinsten, it stiet der apart by yn 'e tekst. It wurk foar de Romeinen hy him ryk makke.

It kaam faak foar yn dy tiid dat de mannen belestingsjinst, de tolgarders, mear fregen as dat se ôfdrage moasten.

It kaam dy mannen net altiten like krekt mei de foarskriften...

Ja, en dan koene je der in moaie stoer oan oerhâlde,
jo koene der knap ryk fan wurde, smoarryk...

Wat dat oangiet is der net sa hiel folle feroare yn 'e wrâld...

Wy lêze yn dit bibelstik dat de minsken oer Sachéus praten as, om it no mar ris yn Henk en Ingrid taal te sizzen: "in smoarge oerrinder dy't syn eigen beurs spekket mei it jild fan 'e mienskip, in earsteklas graaier..."

Dizze man hoegde op freonskip en wurdearring fan de minsken om him hinne net te rekkenjen, al hoefolle jild as er ek hie, fanwege syn hâlden en dragen.

Dizze man wit as gjin oar dat syn rykdom him net de ferdjipping fan sy libben jaan sil, of yn elts gefal net genôch....

Wy lêze hjir yn fers 3:

Sachéus die alle war om te sjen, watfoar persoan dy Jezus wie.

Dat liket my mear as sljochtwei hinne nijsgjirrigens.

As sa'n man de muoite nimt om foar it folk út te fleanen om yn in beam te klimmen, dan hat er der wol wat foar oer om Jezus te sjen. It is der suver wat by troch foar sa'n heech, foarnaam man as Sachéus om him sa oan te stellen, allinne om in rûnreizgjende preker te hearren en te sjen...

Jo soenen sizze: dan is de need wol heech...

It ferlangen sterk...

It ferlangen fan dizze lytse man om de Heare Jezus te sjen is grut.

Hy sil en hy moat Jezus sjen en wol oer gjin inkele boech it risiko nimme om Him mis te rinnen....

Oan 'e oare kant,

hy siket gjin kontakt mei de Heare Jezus,

hy krûpt suver hast wei foar Him..

Hoe sit dat no mei dat grutte ferlangen?

Of is it miskien doch oars net as gewoane nijsgjirrigens dat dy man dêr yn 'e beam klimt?

Dat is it earste dêr't ik efkes by stil stean wol.

Foarige wike hawwe wy yn Fryske Peallen it avondmaal fierd, it Nachtmiel moat ik eins sizze....

In prachtich liet út it lieteboek dat by it nachtmiel faak song wurd is liet 360

Heer wij komen vol verlangen, op Uw roepstem naar Uw dis,

Yn it Frysk stiet der dan:

*Ynlik langstme driuwt ús herte, nei Jo hill'ge tafel ta;
En gjin sûnde sil ús lette, no 't Josels ús roppen ha.*

Fan 'e middei soenen we ek sizze kinne:

*Hear, wy komme fol ferlangen eltse kear wer nei de preek...
Nei Jo hûs, nei 't tsjerke....*

Mar de fraach is dan: Is dat no ek werklik sa?

Komme wy fol fan ferlangen, of om it sa moai te sizzen:

Driuwt ynlik langstme ús herte altyd nei de HEARE ta?

Is dat dan ek daadwerklik sa?

Wol wy oer gjin inkele boech it risiko nimme om Him mis te rinnen....

Miskien seit de iene hjir fan 'e middei op dizze fraach yn 't tsjerke mei folle oerjefte: Ja, dat is myn alderdijpste driuwfear. Myn grutste langstme, ferlangen om ticht by de Hear te wêzen, dat is myn libben....

Mar it kin ek krektlike goed wêze dat as je hiel earlik binne, dat je sizze moatte: No nee, dat ferlangen is by my hielendal net sa sterk..

Of, miskien stiet it op dit stuit sels wol hiel fier fan jo ôf ...

Dat der dingen binne yn jo libben dy't dat djippe ferlangen yn 'e wei steane...

Hoe stiet it einlik mei ús ferlangen om ticht by de Heare te wêzen?

Dat is in fraach dy 't op syn plak is.....

Dy fraach meie en moatte we ússels altiten wer stelle...

Mar ik leau net dat it de meast belangrike fraach is foar hjoed.

Net de fraach hoe bot as wy der nei ferlange om oan te skowen by de tafel fan ús Heare of te kommen yn it hûs fan ús Heare is bepalend foar ús syktocht nei sinjouwing yn it libben. Der is in oare driuwfear, in oare motivaasje dy 't helte belangriker en folle krêftiger is, en dat is it feit dat ite mei de Heare Jezus en libje mei God, dat wurdt jo oanbean....

Dat sjogge wy fan 'e middei hjir gebeuren mei Sacheús...

En sa komme wy by it twadde:

2. It oanbod

Wat gebeurt der no feitliks yn Jericho?

Sachéus, die sit der moai ferskûle yn dy beam en hat in prachtich moai útsicht, hy sjocht Jezus al fan fierens oankommen en kin ek noch in moai skoft achterneisjen...

Dat wie de bedoeling.

Mar dan komt Jezus der oan en dy nimt sels it inisjatyf...

Hy bliuwt stilstean, dêr ûnder dy beam, sjocht omheech en ropt:

Sachéus, kom gau nei ûnderen, want Ik *moat hjoed* by jo te gast wêze.

Sachéus ik moat by Jo thús wêze,

Ik moat by Jo útfanhûs...

It moat .

En moat hjoed....

Dat is gjin fraach, mar in konstatearring

Jezus hat in opdracht te foldwaan en dêrfoar moat Er by Sachéus wêze.

It moat.

En moat hjoed....

En it is oan Sachéus om der nei te harkjen..

It is oan Sachéus om der nei te lústerjen

En dat docht er dan ek.

Der stiet: *"Doe makke er dat er ûnder kaam en helle Him mei blydskip yn"*.

Sachéus, dy strûpt nei ûnderen, yn in omsjoch is er út dy beam, stiet er, en hellet Jezus mei blydskip yn.

Dat is ek wol efkes belangryk om nei te sjen.

Ek foar ús.

Want hjoed moat Jezus ek by jo wêze, by dy.

By ús hjir yn dit hûs...

Dit prachtich ferboude hûs oan de Oerterper Feart...

It hûs dat hjir al stiet fan 1860 ôf...

Hjoed moat Jezus by jo wêze, by dy....

Ek al kenne Jo Him al jierren.

As je Him al jierren kenne, dan kin it ek sa mar wêze dat je je net mear ferrasse litte troch Him....

Dan kin it samar wêze dat we tinke dat de Bibel ús oer Jezus neat mear fertelle hoecht, wy witte sa stadich oan wol hoe 't it sit.

As wy op it liturgyboardsje sjogge: dy tekst, dy psalmen, safolle gesangen, o, no dan sil 't wol ûngefear dy kant út gean mei de preek....

Dan liket it as hawwe wy alles moai kreas ynoarder, de Hear kin mar komme en as it moat hjoed ek noch wol...

Sjoch, sa tinke dy minsken dêr om Sachéus hinne der ek oer.

It tsjerkefolk, de joaden, dy 't der om hinne steane...

It folk wit efkes net mear hoe't se it ha...

Wat moat dy Profeet no by sa'n man yn 'e hûs, it moat net raarder wurde...

Dy goddeleaze lânferrieder, dy ynhalige rike skevel...

Elkenien dy't dat seach, grommele en sei: Hy is by in sûnder yn 'e hûs gien en dêr hâldt Er no ta.

It kin ek al net mâlder no?

De minsken foeterje der oer:

Minsken, minsken, wat lei dy lytse Sachéus der op in minne namme yn Jericho.

Hoe is dat mei ús eins?

Wy dy't alles sa moai op 'e gleed ha?

Dy 't der hielendal klear foar binne?

En alles al jierren kreas op oarder hawwe thús en yn 't tsjerke?

Poetse en bjinne sadat alles glimt en skitteret....

De Heare kin mar komme...

Jezus praat hjir mei gjin wurd oer it pún yn it libben fan Sachéus...

Net in wurd oer: "Soenen jo earst net ris soargje dat jo de saak yn jo libben wat op regel krije

Sachéus en dán kom ik by jo..."

Jezus seit hielendal net: "*No moatte Jo, Sachéus, alderearst de minsken dy t jo jild ôfhelle hawwe werom betelje, dan kom ik by jo....*"

Nee...Jezus seit hielendal net: "*Sachéus no earstmar ris op de knibbels en skuld belide dan sjogge wy dan ris oft ik by Jo útfanhûzje kin....*"

Sachéus hoecht neat te tekenjen, neat te swarren of te beloovjen..

Nee, Jezus seit: "Ik moat hjoed by Jo wêze..... "

Om de opjefte, de opdracht dy 't Syn Himelske Heit Him jûn hat te foldwaan MOAT Er by Sachéus wêze, omdat Er dêr wat te sykjen hat.

Dat wat ferlern wie, wol er fine...

Der siket Er om...

Miskien wie Sachéus wol fol ferlangen nei de HEARE, miskien ek wol net...

Dat docht er eins net iens safolle ta...

Want dy syktocht is net de syktocht fan Sachéus, mar dy fan Jezus Kristus...

En sa is dat fan 'e middei ek mei jo en mei jo en ik...

Ite mei Jezus, libje mei de Heare, dat wurdt jo oanbean...

As jo herte der no fol ferlangen nei is of dat it op dit stuit yn jo libben hiel fier fan jo ôfstiet:

Jezus biedt it jo oan....

Jezus biedt it dy oan....

Dêrom moat er hjoed hjir wêze,

Yn jim hûs, gasthear yn jim tsjerke hjir oan de feart.

Mar in hûs op himsels is in lege huls....

Hy wol boppe alles ek gasthear wurde in jo libben, yn dyn libben. Yn ús libben as mienskip, as gemeente...

De Minskesoan is ommers kommen om te sykjen en te behâlden wat ferlern wie.

Hjoed *moat Hy hjir wêze.*

Sachéus stie yn in omsjocht ûnder dy beam en helle Jezus mei blydskip yn.

Sachéus liet him fine...

En dêryn meie wy die man yn folgje, hjoed.

Nee, net moarn of nije wike, hjoed noch..

Jo hoege it paad fan Jo libben earst net oan te klauwen.

Doare jo dat

Doarst do dat?

Want as wy Him talitte yn ús libben, echt en mei blydskip, dat hat dat wol gefolgen, krekt sa't dat foar Sachéus ek gefolgen hân hat...

En dat as lêste punt...

3. It gefolch

Wylst de minsken noch steane te redenearen, bart der foar harren eagen datselde wat de kearn is fan it rêdende evangeelje fan Jezus Kristus.

De Heare feroaret Sachéus.

De syktocht nei sinjouwing fan syn libben wurdt hjir foar Sachéus op slach beäntwurde troch Jezus Kristus.

Mei dat Sachéus Jezus ta lit yn syn hûs en yn syn libben is it oars...

It hat foar dat mantsje mei syn berch jild, op slach grutte gefolgen...

Foar Sachéus utert him dat yn it rjochtsetten fan dingen dy't skeef gien binne in syn libben.

En dat rjochtsetten, dat bart dan wer op in wize dy 't fier út giet boppe datselde wat noadich wie en wat gewoan west hie...

By Sachéus wurket it oerfloedich út, oerdwealsk hast, oerdreaun...

Hy seit: *"Sjoch, de helte fan myn besit, Hear, jou ik de earmen en as ik ien ôfset haw, jou ik it him fjouwerdûbeld werom"*.

Fan it iene uterste yn it oare uterste sa liket it hast.

Dat hie dochs sa mâl net hoecht?

Nee, der komt Sachéus gjin moai formuleare skuldbelidenis oer de lippen...

Hy smeeft net om genede...

Hy docht gewoan....

Nee Hy docht net mear....

De Heilige Geast docht gewoan....

Wat wy hjir leare meie is dat God, Heit, Soan en Hillige Geast, minskelibbens radikaal en totaal feroarje wol en kin.

Hoe en wannear en wat, dat is oan Him....

Deryn giet de Hillige Geast mei elk minske syn eigen wei..

En dat is Him wol tabetroud.

Mar it hat grutte gefolgen,

Ivige gefolgen...

Ek foar Sachéus, want doe sei Jezus tsjin him:

Hjoed is oer dit hûs it heil kommen, want dizze man is ek in soan fan Abraham.

In soan fan Abraham....

Al dy joaden, dy soannen fan Abraham dy't bûten noch steane te grommeljen en sok raar gúod spuiden doe 't Jezus syn rêdingsplan oars blykte te wêzen as dat hja dy harren yntocht hienen, sij wurde hjirmei troch de Hear Jezus foargoed teplak set. Dizze man is net minder as jimme in soan fan Abraham.

Hjoed is der rêding foar Sachéus en syn folk...

Sachéus dy't ferlern wie.
As in sûndich man...
Want, seit de Heare:

De Minskesoan is ommers kommen om te sykjen en te behâlden wat ferlern wie.

Jezus moast der wêze om te sykjen en te behâlden, dyselde deis noch.

Hjoed moat Er ek by ús wêze.
By dy, by jo.
Om te sykjen wat ferlern is.
Hjoed wurde jo socht.
Hjoed is der ien dy 't siket om dy.

Hjoed wurde wy socht en fûn...

Fûn wurde troch Him, dat jout it libben sin en ferdjipping,
Lit dy dan troch Him fine.

Amen.